zondag, 16 juli 2017 08:51

# Tsjerkepaad 2017



Tsjerkepaad 2017. Elke sneon fan 1 july oant en mei 26 augustus fan 13.30-17.00 oere yn de tsjerke fan Ingelum.


DE KERK IS OPEN
In Friesland zijn 250 kerken op zaterdagmiddag open voor bezichtiging in de periode van 1 juli t/m 9 september 2017.
Veel kerken organiseren extra activiteiten, zoals: kunst (expositie) of muziek. Actuele info kunt u vinden op onze website.
De openingsdagen/tijden kunnen per kerk verschillen!
Kijk op onze website www.tsjerkepaad.nl voor de openingsdata en activiteiten van de kerken of het uitstippelen van uw eigen route. Bij de deelnemende kerken en veel VVV kantoren is een uitgebreide gids beschikbaar.



Hoe komme dizze krystgroepen en kryststâlen no midden yn de simmer yn de tsjerke fan Ingelum?

Dat sit sa. Tot de foarige simmerfakânsje wie ik juf op basisskoalle Mooitaki yn Bitgummole. Elk jier tusken Sinteklaas en Kryst stienen myn krystgroepkes op skoalle en nei oanlieding dêrfan waard my frege om yn it kader fan Tsjerkepaad dizze simmer de groepkes yn de tsjerke fan Ingelum te setten. Fandêr!


Antigua



Hoe is dizze samling ûntstien? Opgroeid as famke yn Ljouwert seach ik elk jier mei grutte belangstelling yn de krysttiid by V&D boppe by de krystspullen en ek by de krysstâlen dy 't dêr stienen. De túnsentra mei de wiidweidige krystôfdielingen bestiene noch net en de krysstâl wie doe in spesjaal roomske oangelegenheid en kaam nauweliks foar yn it protestantse fermidden wêryn ik opgroeide.










Folle letter doe't der al in protte feroare wie yn tsjerke en maatskippij kocht ik op famyljebesite yn Panama myn earste krystgroepke en by de Wibra myn twadde en dat is dan it begin fan in fersameling. Ek Sinteklaas hat my gauris ferwend mei in krystgroepke. Út de Wereldwinkel mar ek selsmakke eksemplaren fan beskilderde WC-papierroltsjes en ferve en beplakte terracotta blompotsjes en eksemplaren makke troch minsken mei in beheining fan de ynstelling wêr't ien fan de bern wurket. De famylje yn Panama hat ek geregeld oan my tocht. By it útpakken en opstellen gjin krystgefoel midden yn de simmer mar wol ferbining mei myn dierbaren. Ik hoop dat in protte misken even om it hoekje sjen sille.




Barbados




Betocht en makke troch dochter














Madagascar












Guatamala
Uruguai
Peru



De útstalling is fierder oanfuld mei groepen fan Anneke vd Schaaf, Trynke Lok-Hofstra, Dicky Hahné en Geertje Nielsen.




Yn de tsjerke hinget ek noch in grut tafelkleed makke troch de ferskate ôfdielingen fan de Federaasje fan Frijsinnige Froulju's Ferieningen. Elk plak hat in karakteristike ôfbylding fan harren doarp makke en al dy losse borduersels ha in plakje krigen op dit takelkleed. It kleed is makke foar it 50-jierich bestean yn 1983 en foarich jier hat de federaasje opholden te bestean. Tiden hawwe tiden.




Ingelum, simmer 2017. Els Brunia-Groenewoud.